

**SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Sietske Poepjes
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn de simmer fan 2021 hawwe Provinsjale Steaten in moasje oannaam wêryn't it kolleezje fan Deputearre Steaten frege waard om yn de begutting fan 2022 in bedrach fan op syn minst 75.000 euro op te nimmen foar kulturele festivals, eveneminten en projekten dy't omtinken jouwe oan û.o. de befrijing of de frijheid.<sup>1</sup></p> <p>Ut in brief fan it kolleezje<sup>2</sup> docht bliken dat fan de beskikbere 75.000 euro in bedrach fan 36.325,20 euro útjûn is oan projekten. De rest falt werom yn it beguttingssaldo, skriuwt it kolleezje.</p> <p>As FNP sjogge wy dat it kulturele klimaat yn Fryslân ferearmet; juster waard bekend dat Welcome to the Village ophâldt. Ek it befrijingsfestival Fryslân hat noed oer de finânsjes en de takomst fan it festival.<sup>3</sup> Befrijingsfestivals yn oare provinsjes hawwe dit jier foarse ferliezen ynboeke moatten, ek omdat se lêst hiene fan min waar.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. De FNP is fan miening dat festivals in wichtige rol spylje foar ús mienskip. Wat is de reden dat it Befrijingsfestival Fryslân gjin strukturele subsydzje fan de provinsje Fryslân kriget, mar wol ad-hoc stipe?</li><li>2. Festivals binne kwetsber foar waarsomstannichheden, dy't it ferskil meitsje kinne tusken in lyts pluske en djipreade sifers. Is it kolleezje fan miening dat eveneminten lykas it befrijingsfestival sûnder help fan de provinsje op dit mêd foldwaande tarist binne om ek de kommende jierren fuortbestean te kinnen?</li><li>3. It kolleezje hat earder oanjûn<sup>4</sup> gjin rol foar de provinsje te sjen yn it opsetten fan kollektive fersekeringen of in waarboarchfûns en dat oer te litten oan de gearwurking fan partijen binnen de TAF.<sup>5</sup> Hat it kolleezje der sicht op dat dy ta oplossingen en wissigens foar organisatoaren liede sille?</li><li>4. Fan it budzjet foar kulturele festivals, eveneminten en projekten dy't omtinken jouwe oan û.o. de befrijing of de frijheid, is op dit stuit noch 38.674,80 euro oer. Is it kolleezje it mei ús iens dat it befrijingsfestival Fryslân fan 2024 in goede bestimming is foar it oerbliuwende bedrach?</li></ol>
Yntsjinner(s)	FNP, Sita Land-Dotinga
Datum	22 juny 2023

<sup>1</sup> Moasje 'Viering van de vrijheid', yntsjinne troch D66, FNP en PvdA by de Ramtnota op 30 juny 2021;

<sup>2</sup> DS-brief 'Terugkoppeling Thematender IMF Vier de Vrijheid', 13 juny 2023;

<sup>3</sup> Omrop Fryslân, 'Organisaasje befrijingsfestival hat noed oer finânsjes', 4 maaie 2023.

<sup>4</sup> Antwurdbrief DS op fragen FNP oer tanimmende regeldruk by doarpsfeesten en optochten, 14 maart 2023;

<sup>5</sup> TAF: Toerisma Alliantie Fryslân.